

■ Tekst 1 Fuotbal is gewoan fuotbal

- ‘Ik hie lykwols altyd wat begrutsjen mei him’ (r. 6)
- 2p 1 Hokker fan de ûndersteande beskriuwings slacht/slane net op de ‘begrutlike’ keeper?
- 1 even hingjen bliuwe
 - 2 de altyd fernederjende gong
 - 3 it fersleine gesicht
 - 4 keninklik delfalle
 - 5 mei de holle foardel
 - 6 mei in sleauwe traap
- 3p 2 Wat wurdt yn rigel 24 bedoeld mei ‘spul’? *Brûk net mear as 5 wurden.*
- ‘Alles ûnder kontrôle.’ (r. 24)
- 3p 3 Bestriid of ferdigenje mei net mear as 15 wurden de folgjende bewearing: Ut alinea 9 docht bliken dat SC Heerenveen ek it spul ûnder kontrôle hat.
- 3p 4 Bestriid of ferdigenje mei net mear as 15 wurden de folgjende bewearing: Ut alinea 12 docht bliken dat SC Heerenveen ek it spul ûnder kontrôle hat.
- 4p 5 Op hokker wize beskriuwt Bralts de gong fan saken by SC Heerenveen yn alinea 5?
- A ferhearlikjend
 - B gekoanstekkerich
 - C mei grutskens
 - D saaklik
- 4p 6 Sitearje út alinea 6 de twa sinparten dy’t de twa ferskillende trainingsmetoaden koart en dúdlik foarinoar oer stelle.
- 4p 7 Wêrom soe De Haan gjin spilers as Romario, Maldini, Scholes en Batistuta yn syn team ha wolle?
- A Sy binne net genôch dissiplinearre.
 - B Sy drage in hierbantsje.
 - C Sy hawwe it shirt by de broek út.
 - D Sy hawwe te min atletysk fermogen.
- 4p 8 Meitsje dúdlik dat yn r. 42-43 (In hierbantsje ... fersoarge útsjen) in drôchreden brûkt wurdt. *Brûk net mear as 10 wurden.*
- Yn rigel 52-53 wurdt praat oer in rjochtingestriid tusken ‘skoalmasters en praktyktrainers’.
- 4p 9 Hokker fan de folgjende trainers binne ‘praktyktrainers’?
- 1 Foppe de Haan
 - 2 Johan Cruyff
 - 3 Willem van Hanegem
 - 4 Louis van Gaal
 - 5 Alec Ferguson
 - 6 Jackie Charlton
- Yn r. 52-53 wurdt praat oer in rjochtingestriid tusken ‘skoalmasters en praktyktrainers’.
- 4p 10 Oan hokker kant stiet de skriuwer, dy fan de ‘skoalmasters’ of dy fan de ‘praktyktrainers’? Motivearje dyn antwurd troch in sinpart te sitearjen út alinea 10 oant en mei 15.
- 4p 11 Wêrom soe Bralts it boek fan Kees ’t Hart it nijsgjirrichst fine? Basearje dyn antwurd op de tekst. *Brûk net mear as 20 wurden.*

Eindexamen Fries havo 2003-I

havovwo.nl

- De tekst kin ferdielt wurde yn fjouwer dielen.
- 2p **12** By hokker alinea begjint diel 2?
- 2p **13** By hokker alinea begjint diel 3?
- 2p **14** By hokker alinea begjint diel 4?

- Bewearing I: De tekst wol oertsjûgje.
Bewearing II: De tekst wol oantrune.
- 4p **15** Hokker bewearing(en) is/binne wier?
- A Allinne bewearing I is wier.
B Allinne bewearing II is wier.
C Bewearing I en II binne beide wier.
D Bewearing I en II binne beide net wier.

Tekst 2 Twataligens en yntelliginsje

- ‘Opfallend is ... spylje sil.’ (r. 7-9)
- 4p **16** Hokker drôchreden ûnderkent Ytsma hjir yn de riddenearring fan de ûnderwiisminsken?
- A In te hastige generalisaasje
B In ûnkrekt berop op kausaliteit
C It autoriteitsargumint
D It meitsjen fan in ferkearde fergeliking
- Sjoch alinea 3.
- 3p **17** Wat is neffens Ytsma de oarsaak fan it yntelliginsjeferskil tusken de ientalige en de twatalige learlingen yn it Welske ûndersyk? *Brûk net mear as 15 wurden.*
- 3p **18** Wat is it ferbân tusken alinea 3 en 4?
- 4p **19** Ferklearje wêrom’t twatalige bern minder muoite ha om frij en abstrakt oer taal te tinken as ientalige bern. *Brûk net mear as 15 wurden.*
- 3p **20** Wat is it ferbân tusken alinea 5 en 6?
- Basisskoallelearlingen yn Fryslân prestearje gemiddeld minder goed op rekkenjen en Nederlânske taal.
- 6p **21** Wêrom tinkt Ytsma dat de twataligens fan de Fryske bern dêrby net in rol spilet? Neam trije redenen. *Brûk net mear as 40 wurden.*
- 2p **22** Ta hokker tekstsoarte heart de tekst?

Tekst 3 It bedriuwslibben en it Frysk

- 35p **23** Meitsje in gearfetting fan de tekst en behelje dêryn it folgjende:
- de rol dy’t it Frysk en Fryslân spylje yn Fryske bedriuwen,
 - de miening en de arguminten fan de ûndernimmers yn ferbân mei it plaknammebelied,
 - har hâlding foar it Frysk oer, yn har eigen bedriuw en yn it algemien,
 - de tebekgong fan it tal Fryskpraters en de oarsaken dêrfan,
 - de takomst fan it Frysk.
- Brûk net mear as 175 wurden.*